

---

## SKRIFTELIKE FRAGEN (kêst 35 RvO)

---

Fan : *Sicco Rypma, FNP*

Datum fan yntsjinjen : 4 oktober 2020

Oan (kar) :  It kolleezje fan boargemaster en wethâlders

Ûnderwerp : Ferkearsfeiligens Worp Tjaardastraat Snits

Wize fan beântwurding :  Skriftlik (binnen 30 dagen)

Datum tuskentiids antwurd :  
(as it fan tapassing is)

Datum beantwurding :

### Taljochting:

De FNP hat soargen oer de ferkearsfeiligens troch te hurd riden op de Worp Tjaardastraat. Under oare nei oanlieding fan fragen fan in ferûntrêste ynwenner. We hawwe hjirop earst kontakt opnommen mei Wijkplatform Noorderhoek.

- De ynwenner skriuwt:  
*Op de Worp Tjaardawei wurdt fierstente hurd riden. Ik ha dit al bij gemeente oankaarten, mar dy stjoert je troch nei plysje. De nije fersmelling remmet wol ôf, mar it stik fanôf krúspunt nei de fersmelling is in racebaan.*
- Reaksje fan it Wijkplatform.  
*Het te hard rijden op de worp tjaardastraat is de afgelopen jaren menig keren aangekaart bij de gemeente door het Wijkplatform. Er is een versmalling aan gebracht, echter helpt niet. Er is snelheids meting meerdere keren gedaan. De gemeente is volgens ons aanzet.... Wij hebben ingesproken bij de gemeente, lang geleden echter het is nog steeds niet opgelost. Een van de redenen er gebeuren nagenoeg geen ongelukken. Wij willen best met de gemeente naar een oplossing zoeken. Dit speelt al langer dan 15 jaar.*
- Yn it [GVVP Utfieringsprogramma 2020](#) wurdt op side 47 de krusing Bolswarderweg - Harste - Worp Tjaardastraat wol neamd. Mei as doel: *doorgaand verkeer door de binnenstad van Sneek te voorkomen en de inrichting van deze wegen beter te laten aansluiten bij het gewenste gebruik.*

### It kolleezje wurdt fersocht de folgjende fragen te beantwurdzjen:

1.	Is it kolleezje op e hichte fan de soargen fan ynwenners en Wijkplatform oer it hurde riden op de Worp Tjaardastraat yn Snits?
	<p><u>Antwurd:</u></p> <p>Jawis en hjir binne wy ek al langere tiid mei dwaande.</p> <ul style="list-style-type: none"><li>• Bij it opstellen fan it GVVP is sprutsen mei alle pleatslike belangen wêrûnder de Noorderhoek. Tegearre mei it wykplatfoarm is doe ek útsteld om de Worp Tjaardastrjitte ôf te wurdearjen fan in 50km dyk nei in 30km dyk en dit is doedestiids ek besletten troch jo rie troch yn te stimmen mei it GVVP</li><li>• Der binne doedestiids petearen fierd mei in delegaasje, wurkgroep fan it wykplatfoarm dy't him rjochte op de sketste problematyk fan de Worp Tjaardastrjitte. Mei de komst fan</li></ul>

	<p>it AZC hat dit resultearre yn de oanpak fan it krúspunt mei de Chr.Schotanusstrjitte, en is der doe in begjin makke mei it meitsjen fan de 30 km-strjitte. Dit is oan 'e oarder kaam yn de kommisje DSO fan 4 july 2017</p> <ul style="list-style-type: none"> <li>• En it effekt fan dizze oanpassingen oan in diel fan de Worp Tjaardastrjitte is ek bekend. Der is dan ek in mitting útfierd foar de oanpassingen (2015) en nei de oanpassingen (2019). Nei oanpassingen wie it ferkear ôfnommen mei 15% en de faasje wie 30% leger.</li> </ul>
2.	Hat is kolleezje plannen klearlizzen om de ferkearsfeiligens hjir te ferbetterjen?
	<p><u>Antwurd:</u> Yn it ramt fan it GVVP út 2013 is it belied om dizze strjitte op termyn folslein yn te rjochtsjen as in 30km dyk. Allinne konkreet is der gjin datum oan te jaan omdat der gjin grut ûnderhâld pland stiet en it needsaaklike oanfoljend jild ûntbrekt.</p>
3.	Is it kolleezje ree om mei it Wijkplatform nei in oplossing te sykjen?
	<p><u>Antwurd:</u> Wy binne altyd al yn petear mei it wykplatfoarm oer ferskate ûnderwerpen:</p> <ul style="list-style-type: none"> <li>• Tink oan it opstelle fan it GVVP mei spesifyk oandacht far de rûte, Worp Tjaardastrjitte</li> <li>• Mei it wykplatfoarm is wurke om oanpassing foar elkoar te krijen, der is dan ek insprutsen troch it wykplatfoarm by DSO fan 4 july 2017 wêr't de maatregels behannele binne.</li> </ul>
4.	Wurdt ferbettering ferkearsfeiligens op de Worp Tjaardastraat opnommen yn it GVVP Útfieringsprogramma 2021?
	<p><u>Antwurd:</u> Allinne yn algemiene sin lykas yn it GVVP is fêststeld. Ek is it algemiene útgongspunt útfiering te kombinearje mei ûnderhâld en op dit momint stiet der gjin grut ûnderhâld pland. In folsleine werynrjochting fan de strjitte fan de Swette ôf oant de Frensjerterfeart is yn 2017 begrutte op sa'n 2,5 miljoen.</p>

**Tuskenantwurd (as it fan tapassing is):**